

Muzyk yn Fryslân

1. Fryske muzikanten spylje ornaris willepunk, balladen, harksankjes, meisjongers, libbenslieten en jankfodden as sy foar it fuotljocht komme as trûbadoer of mei in symfonyorkest, en brûke akoestyske en elektryske snaarynstruminten, toetsebuorden en synthesizers (syntesaizer), ienfâldich slachreau en yngewikkelde elektroanyske sample-apparatuer (sempelapparatuer), yn teaters, doarpskroegen of op tûnfeestjes.
2. Binnen dat familiêre fermidden, dêr't elkenien elkoar ken, is in mikrofoan in raasizer, in slachgitaar in bûtsgitaar, in sologitaar in pielgitaar en docht it publyk oan hollebatsen en toanieldûken, sadat je wol sizze meie dat der in eigen fakjargon bestiet.
3. Ek al binne streekeigen aspekten en kultureel frjemde eleminten bot mei-inoar (mei-inoar) ferfrissele en is in typysk Fryske muzykstyl net te ûnderskieden, dochts falt der troch ûnderwerp yn tekst en lûd fan taal wol in eigen sfear te priuwen.
4. Jiddysk klinkende muzyk mei Ljouwerter teksten dy't tegearre harmoanysk en ritmysk ta in logyske synteze komme is net healwiis omdat muzyk, krekt as alle keunstfoarmen, hyltyd (hieltid) wer kopiearre, recycle (risaikele¹) en modernisearre wurdt en in boaiemleaze ynspiraasjeboarne is.
5. Fansels wurdt de leafde yn al syn fasetten wiidweidich besongen, mar dêrnjonken is der likefolle entûsjasme foar it skûtsjesilen, it fierljeppen, de bearenburch en deistige nuveraardichheden oer, wêrby't fantastyske absurditeiten net mijd wurde.
6. De klanken, kleur, rook en foarmen fan bygelyks in Stradivarius kinne je betsjoeane as wie it in skientmekeninginne út in mearke en, ek al liket it slim oerdreaun, de relaasje tusken rockartyst (rokartyst) en poenark is somtiden as in hertstochtlike leafde sadat guon spyllju harren favorite ynstrumint earbiedich in frouljusnamme jouwe en har beskôgje as in tige goede freondinne.
7. Ik bin noch altyd fereale op in semyakoestyske gitaar út njoggentjinnjoggenenfyftich, dy't by my thús as in kostber relikwy oan de muorre hinget en foar it grutste part noch mei de hân fabrisearre is út Amerikaansk hurdhout, mei in hals fan palissander en in taast fan ebbenhout, ynlein en ôfwurke mei pearlmoeren posysjetekens en rustfrijstielen² fretten.
8. Ik haw (ha) har elke dei efkes yn 'e hannen en dan tûtsjeboartsje wy der wer lustich op los, sa't wy dat earder dienen yn suksesfolle (súksesfolle³) ferfleine tiden.

Tekst: Piter Wilkens

Ferzje 21-4-2010.

¹ Yn it korreksjemodel fan 20-4-2010 stiet resaikele. Dat is ek goed rekkene.

² Yn it korreksjemodel fan 20-4-2010 stiet rustfrij stielen. Dat is ek goed rekkene.

³ Yn it korreksjemodel fan 20-4-2010 stiet allinnich *súksesfolle*. De foarm mei ú is ek goed rekkene